

De Rimen en Teltsjes binne yn Grou ta nij libben komd

Tûzenen minsken wennen op it Grien in fleurige útfiering by

In aerdige ringriderij de middeis, in nijsgjirrige optocht ier op 'e joun en in kostlike útfiering fan einen út de Rimen en Teltsjes letter op 'e joun op it Grien, bywenne fan grif wol fiiftûzen minsken, jong en âld, Grousters en net-

De middel bigoun al goed mei — nei de offisjële ûntfangst fan 'e dielnimmers yn 'e riedseale — in rit troch it doarp fan de eptige Fryske pearren op seazen, dy't dêrnei op 'e Nasserdyk ûnder auspysjes fan de foriening „It Fryske Tûchhynder” inoarren by it ringriden fûl bikrige hawwe. Mar de klam fan de feestlikheden lei dôch op de joun.

Tsjin healwei sawnen stiene der hûnderten by hotel Oostergo op 'e wâl, der't de fjouwer bruorren Halbertsma (dokter Eeltsje, dûmny Joast, keapman Tsjalling en keapman Binnert) mei harren froulju yn twa Fryske jachten ûntfongen wurde soene fan it âlde Idaerderadielster gritenijbistjûr, dat dêr yn de persoanen fan grytman M. P. D. baron Van Sytzama (fan Friens) mei syn assessors ré stie. Dat in hjoeddeiske boargemaster — mits yn de klean en de útris fan de tiid — in âlderwetske grytman skoan bilykje kin, die hjirre en ek letter op 'e joun dúdlik bliken!

Al moai gau kamen de roune jachten (dêr't ien fan de Gysbert Japiks wie) om 'e hoeke en ringen leine se oan. Wylst it koar „Meinoar Ien” de Grouster Weagen rôlje liet, stapten de bruorren en har froulju de wâl op en waerden eptich bigroete fan it gritenijbistjûr. By de útnoegde gasten wiene in great tal foaroststeande leden fan de Halbertsma-sibbe. Op seazen en in faitonne (út it Liekster rydtûchmuseum), omjoun fan it folk, ried de stoet ûnder it lieden fan de klok yn de âlde Sint Piter Grou troch nei de Stasjonswei, dêr't de hege gasten foar it gritenijhûs in wolkomst-wurd fan de Rattelwacht to hearren krigen, wylst dêrnei it Mingd Koar song en it muzyk „De âlde Friezen” spile.

En dit wie it begjin noch mar, hwant

wilens waard efter it gemeentehûs de histoaryske optocht yninoar set, dy't om in ûre of sawn de reize troch Grou (dat foar forkear om utens wei de hiele joun op 't slot siet en net sûnder reden) oangyng. It folk by de wei lâns (men koe oer de hollen rinne) krige doe al in priuwke fan de útfiering to smeltsjen, hwant efter de seazen en de faitonne oan rieden op toalf weinen gâns figueren út de Rimen en Teltsjes mei of waerden op dizze weinen tafrieltsjes út it wurk fan de Halbertsma's sjenlitten. Sa koe men Beppe sjen mei de lapkekoer fan Gabe en Pibe en Sasse ûnderweis nei de jichtmasters, widze de mem út de Widzesang har popke, die Geale syn sliepke yn 'e reiden, ried Sibbel fan de Ryp op in belleslide foarby, wiene Rienk en syn frijster fan Molkwar it tige iens, kroaske de boer mei de Noarger rûn foar de tsiiswein troch Grou, wie de skearwinkel fan Joutebaes op tsjillen set, seach men de histoarje fan Foeke Skutter en syn Tryn, fan master en de trije boeren, fan jonker Hobbe en Clare en fan Maeike Jakkeles en har fammen, wylst de grize jin oer de grouwe roun op it sjen fan it ôfgryslke Wiif mei de Blauwe Mouwen. Fansels ûntbrieken ek de rattelwacht en Gabe Skroar, Minne Jorrits en Murk fan Ypkolsgea net.

Men koe doe al sjen, dat de ûntwerper fan de optocht en de gearstaller-regisseur fan it tafrielestik, de hear J. P. Wiersma, syn stoffe mei soarch keazen hie, syn figueren goed útsocht en oan de oanklæijing en útris alle soarch bistege hie; kultuer-histoarysk wie der neat forgotten of stridich mei de tiid en men krige sa in bitsjoenende rekonstruksje fan it 18de en ier-19de ieuske Fryske folk-

Grousters, hawwe sneon de útsetter west fan de Eeltsje Halbertsma-bitinking, dêr 't Grou in boppenbêst figuer mei slein hat en dy't by frjend en eigen noch lang yn it ûnthâld bliuwe sil as in moai en geef folksfeest, dat oer alle boegen slagge is en in great sukses neamd wurde mei foar alleman (en dat wiene der net in bytsje!), dy't der mei anneks west hat. De neitins fan Dokter-Om is eare op in wize, dy't net better koe en as der earne to uzes in brêge slein is tusken de litteratuer en it folk, dan is dat sneon yn Grou bard: de Rimen en Teltsjes binne der ta nij libben kommen en it folksboek fan de Halbertsma's is wer ris yn it omtinken brocht fan tûzenen Friezen en Friezinnen.

libben to sjen, dêr 't op it Grien de útfiering weardich by oarsleat.

It wie dan ek spitich, dat de weinen hwat to min ôfstân ûnderinoarren

FOTO BOPPE:

Hwa koe better foar de grytman fan Idaerderadiel spylje as syn opfolger, de hjoeddeiske boargemaster?

hâldden. It folk oan 'e kant koe sadwaende alles sa gau net opnimme en grif sille de lju gâns lytse treflike details ûntkommen wêze. En krekt foar de fynpriuwers foel der sa'n heap to genietsjen!

Tsjin achten siet en stie it op it Halbertsmaplein, dêr 't it âlde Grou op it Grien opboud wie, al swart fan it folk. Der wie sa'n bilangstelling, dat it roun de kommisje alhiel út 'e hân en it waard noch in hiele toer om foaroststeande gasten, krantemannen en âlde minsken in fetsoenlik plak ta to skikken. Mar yn Grou is der hout by de rûs, dat doe waerden der mar wer in pear nije rigen planken op klampen lein. Wilens song it Mingd Koar op treflike wize Halbertsmalieten út it deklamatorium.

De útfiering waard iepene mei de oankomst fan de famylje Halbertsma (dy fan hûndert jier lyn dan), fan de Rattelwacht tasprutsen, en dêrnei kamen de figueren út de optocht sprekende, spyljende en sims sjongendewei op 'e planken ,to bigjinnen mei Gabe Skroar en oan 'e ein mei jonker Pyt en Sibbel. De hear Wiersma liet harren fragminten út de Rimen en Teltsjes foarbringe, dy't sa útsocht wiene, dat se by wize fan sizzen de essinsje fan de persoanen nei foaren brochten. Dêrby wie de stoffe gauris bikoarte,

komprimearre, bislipe en bytiden ek modernisearre (net altiten like lokkich: de raketten- en spoetniktirade foel alhiel út de Rimen en Teltsjes-sfeer), wylst ek de meast folksaerdige einen útkeazen wiene. Hwat is der bygelyks lake om de kouwekeapman en de sleauwe boerinne, om de klúnskonk fan âld dûmny, Maeike Jakkeles en de fammen (fan Maeike pûrbêst spile). Hwat hiene Sibbel fan 'e Ryp en Minne Jorrits in sukses mei har treflike foardracht en hwat diene it Wiif mei de Blauwe Mouwen, it fleurige duet fan Foeke en Tryn en it tafriel fan jonker Hobbe en Clare en harren âlden it bêst. It liet fan Jonker Pyt en Sibbel toande oan, dat der skoan hwat mear sankjes by wêze kind hiene. De trije fioelen op 'e eftergroun wiene alhiel yn styl as bigelieding.

It is net to dwaen en neam alles op hwat hjir oardel ûre lang fan sa'n tachtich Grousters nei foaren brocht wurden is, of it soe noch efkes de tige steatlike Skotse Trije oan 'e ein wêze moatte. Mar, it iene mear, it oare minder, hat op oertsjûgjende wize sjenlitten, dat it wurk fan de Halbertsma's ek yn dizze toanielfoarm jitte libje kin as in hart en dat it de Grousters wol tabitroud is om dat libben der ûnder kundige lieding út to heljen. Dêrom soene wy ta bislút de frage dwaen wolle: is it net mûglik en hâld alle simmers op it Grien sa'n soarte fan joun, leafst mei wurk út de Rimen en Teltsjes? Dat it net inkeld de Friezen wiene, dy't har sneontojoun omraken formakke hawwe, mar dat ek it Hollânske syldersfolk him de eagen út 'e holle sjoen hat, dêr binne wy wis fan. De Grousters kinne it; litte hja it 'erom net by ienkear litte!

(Fan ien fan us redakteuren)



Jonker Hobbe en de hierboersdochter Clare waerden it yn it ittdiske samar iens!